

Regeling Lêsbefoarding

Mei de regeling Lêsbefoarding stimulearret en stipet it Letterenfonds projekten op it mêd fan lêsbefoarding, dy't fanwegen har fernijend karakter of ynnovatyf konsept in oanfolling foarmje op it besteande aanbod. Organisaasjes kinne subsydzje oanfreegje foar útinnoarrinnende aktiviteiten foar jong en âld: fan lêsklups oant digitale projekten en fan workshops kreatyf skriuwe of optrede oant aktiviteiten rjochte op yntermediêrs. Of projekten dy't no noch net besteane, mar wêrfan't it wichtich is dat se yn it libben roppen wurde om lêzen te stimulearjen.

Foar wa

Organisaasjes dy't lêsbefoarderjende of literatuer-educative aktiviteiten produsearje en útfiere.

Foar wat

Net-kommersjele projekten dy't har rjochtsje op lêsbefoarding yn it Nederlânsk Keninkryk.

Hoefolle

De oanfreger kin minimaal € 25.000 en maksimaal € 50.000 oanfreegje.

Subsydzjeplafond

€ 850.000

Foar wa?

- Subsydzje kin allinnich oanfrege wurde troch kulturele ynstellings, kulturele organisaasjes of rjochtspersoanen dy 't yn it Keninkryk aktyf binne en lêsbefoarderjende of literatuer-educative aktiviteiten produsearje en/of útfiere.
- Skoallen, universiteiten en gemeenten kinne gjin subsydzje oanfreegje yn it ramt fan dizze regeling.
- Organisaasjes dy't in mearjierrige subsydzje ûntfange fan it Letterenfonds, kinne yn 2025 en 2026 gjin subsydzje yn it ramt fan dizze regeling oanfreegje.
- In oanfreger kin per subsydzje-omgong maksimaal ien oanfraach yntsjinje, mar mei eventueel wol noch as gearwurkjende partij by projekten fan oaren belutsen wêze. Twadde oanfraach? Ast al earder subsydzje krigen hast yn it ramt fan de regeling lêsbefoarding, soargje der dan foar dat dyn foarige projekt ôfrûne is op it momint dat de besluten bekend makke wurde, rûchwei fjouwer à seis moannen nei de deadline fan yntsjinjen. Is dyn kearnaktiviteit mear poadiumrjochte? Gean dan nei de regeling Projektsubsydzjes literêre programma's.

Wêrfoar?

Der wurdt minder lêzen en de lêseardigens nimt ôf. Dat is in probleem, want lêze fergruttet jo kânsen yn 'e mienskip, wurket stypjend foar jo ûntjouwing en stimulearret it kritysk tinken. It Letterenfonds stipet dêrom lêsbefoarderjende projekten, mei as doel om op duorsume wize by te dragen oan lêsbefoarding. Wy sykje yn it bysûnder dy projekten dy't in oanfolling foarmje op it besteande aanbod, bygelyks omdat se in ynnovatyf konsept brûke, digitaal

fernijend binne, nije gearwurkings oangeane, in nije regio betsjinje of in ûnderbeljochte doelgroep berikke.

In projekt hat in rintiid fan maksimaal 1 jier.

Hoefolle?

Der kin subsidyzje oanfrege wurde tusken de € 25.000 en € 50.000. Minimaal 25% fan de totaalkosten fan it projekt moatte út eigen middels of op oare wize as de subsidyzje fan it Letterenfonds finansiëre wurde.

Utsûnderings binne dêrby:

- Foar organisaasjes fêstige yn de Kariben, of foar organisaasjes fêstige yn Europeesk Nederlân, dy't foar in projekt oanfrege dat op de Kariben mei in lokale gearwurkingspartner plak fynt, bedraacht it persintaazje 10%.
- Foar oanfragen yntsjinne troch bibleteken, POI's (Provinsjale Stipe-ynstelling) of lanlike stipe-ynstellings foar bibleteken, moat op syn minst 50% fan de totaalkosten út eigen middels of op oare wize finansiëre wurde. Foar bibleteken fêstige op de Kariben is dit persintaazje 10%.

Falbilen

Der binne twa subsidyzje-omgongen it jier:

- 20 febrewaris 2026 (18.59 oere Karibyske tiid, 23.59 oere Nederlânske tiid): foar projekten dy't rinne fan july 2026 ôf
- 26 Juny 2026 (17.59 oere Karibyske tiid, 23.59 oere Nederlânske tiid): foar projekten dy't rinne fan desimber 2026 ôf

Hoe fregest oan?

Lês altyd earst mei oandacht de regeling en taljochting. Dêr steane ûnder oare de betingsten yn om subsidyzje oanfrege te kinnen, út hokker dokuminten dyn oanfraach bestean moat en hoe't dyn oanfraach beoardiele wurdt.

"Kontroleare goed oft alle fereaske dokuminten kompleet binne en oan de rjochtlinen foldogge. De ferplichte dokuminten binne:"

- It projektplan, neffens it Format projektplan.
 - In slutende, spesifisearre begrutting op grûn fan it Basisformat begrutting of in eigen format.
 - In taljochting op de begrutting. Dêr leit per begruttingspost yn út hoe't dy opboud is.
 - In aktueel Keamer fan Keaphannel-úttreksel.
 - De meast resint goedkarde jierrekken. Utsûndere binne organisaasjes mei in tige koart bestean en oanfregrers fêstige yn de Kariben.
 - Foar safier fan tapassing: (in) troch beide partijen ûndertekene yntinsjeferklearring(s) of gearwurkingsoerienkomst(e), dêr't de gearwurking detaillearre yn beskreaun wurdt. Tink der om: by in gearwurking mei skoallen is soks yn alle gefallen ferplichte.
- Hast alle dokuminten sammele dy't fanneden binne? Dan is it tiid om dyn oanfraach yn te tsjinjen.

De oanfraach moat yn it Nederlânsk of Ingelsk skreaun wêze. Oanfregers foar projekten dy't te krijen hawwe mei de Nederlânske Gebeartetaal, meie yn stee fan in skreaun projektplan in fideo-opname yntsjinje.

Allinnich komplette oanfragen wurde yn behanneling nommen. Oanfragen dy't op de falbile noch net kompleet binne, wurde net yn behanneling nommen.

Twivelest oer bepaalde saken? Lês dan de regeling troch.

Beoardieling

De adviseurs beoardielje de oanfragen op de folgjende punten:

- Fyzje op lêsbefoarding
- Tafoege wearde fan it projekt op it besteande aanbod
- Kwaliteit en realiteitssin fan it projektplan
- Kwaliteit en realiteitssin fan de begrutting

Yn de taljochting fan de regeling wurde dizze kritearia fierder útlein.

Webinar

Wolst mear útlis krije oer de regeling? Of hast spesifike fragen? Om dy fierder op paad te helpen organisearret it fûns in webinar oer de regeling lêsbefoarding.

Datum: Tiisdei 13 jannewaris, 15.00 - 16.00 oere (tiidsône Nederlân), 10.00 - 11.00 oere (tiidsône Karibysk gebiet)

Stjoer uterlik moandei 12 jannewaris in mail nei: communicatie@letterenfonds.nl om dy oan te melden, en jou dêr de fraach yn oan dy'tst behannele sjen wolst.

Advyspetear mei Stichting Lezen

Wurkest oan in oanfraach foar de subsydzjeregeling Lêsbefoarding? Dan kinst yn july & augustus in frijbliuwend advyspetear oanfreegje by Stichting Lezen, it kennissintrum foar lêsbefoarding en literatueredukaasje.

Yn it petear kinst saakkundich advys ynwinne oer de ynhâld en fyzje fan dyn projektplan:

- Slút dyn plan oan by aktuele ynsjoggen út ûndersyk, lykas út de Lêsmonitor?
- Foarmet dyn idee in oanfolling op it besteande aanbod yn it fjild?
- Wat is der fernijend oan dyn oanpak, doelgroep of gearwurkingsfoarm?

Dizze petearen fine plak fan 5 jannewaris en duorje maksimaal 30 minuten. De petearen binne bedoeld as ynhâldlike refleksje. De petearen binne bedoeld as ynhâldlike refleksje. Dizze petearen binne net ferplichte en meitsje ek gjin ûnderdiel út fan de beoardieling fan dyn oanfraach. De ynformaasje wurdt yn algemiene linen dield mei it Letterenfonds.

Kinst in petear oanfreegje fia it siktariaat: info@lezen.nl.

Tink derom: Foar praktyske of prosedurele fragen kinst telâne by it Letterenfonds sels.

Fragen dy't in soad stelde wurde

Wat fersteane wy ûnder lêsbefoarding?

Lêsbefoarderjende projekten stimulearje it lêzen fan boeken en drage by oan it fergrutsjen fan de lêsfeardigens, de lêsmotivaasje en de lêswille. Dêrûnder falle:

- projekten dy't oansette ta it lêzen fan boeken en rike teksten;
- projekten dy't har rjochtsje op foarlêze;
- projekten dy't oansette ta it oangean fan nije lêsutdagings, bygelyks yn de foarm fan oare sjenres of tema's;
- projekten dy't oansette ta literêre refleksje of literêr begryp;
- projekten dy't har rjochtsje op orale of performative literatuer, dêrûnder harkboeken, spoken word, NGT-performances en toaniel;
- projekten dy't de dielnimmers op in aktive wize yn kontakt bringe mei bepaalde literêre sjenres of foarmen, troch har sels oan it skriuwen of kreëarjen te setten;
- projekten dy't har rjochtsje op yntermediêrs, lykas leararen, âlders en fersoargers of biblio-/mediatekarissen, om har saakkundigens en entûsjasme foar wat lêzen en lêsbefoarding oanbelanget te stimulearjen.

Projekten dy't har allinne mar, of foar it grut part rjochtsje op it learen fan technysk lêze, komme net yn oanmerking.

Wat binne goede foarbylden fan projekten Lêsbefoarding?

In pear projekten dy't yn 2024 mei tank oan de pilotregeling Lêsbefoarding ta stân kamen, binne Utrecht Doventheater, de lêsfestivals op Aruba, Sint Maarten en Kurasao fan Stichting Biblioneef en Buur & Boek van Stichting NOORDWOORD. [Lês hjir mear oer dizze best practices](#). De folsleine list takennings út 2024 is [hjr](#) te finen.

Wat fersteane wy ûnder tafoege wearde?

Wy sykje projekten dy't in oanfolling foarmje op it besteande aanbod op it mêd fan lêsbefoarding. Sa'n oanfolling kin de foarm oannimme fan:

- in ynnovatyf konsept of in nije metoade/foarm, bygelyks yn de digitale sfear
- in fernijende gearwurking
- in ûnderbeljochte doelgroep
- in ûnderbeljochte regio

Wannear krij ik de útslach fan myn oanfraach?

De útslach wurdt binnen 22 weken nei de falbile dield mei de oanfregers. It projekt dêr't foar oanfrege wurdt, mei om dy reden earst yngean fan dat stuit ôf.

Wat moat der yn de begrutting stean?

De yntsjinne begrutting moat alle kosten en baten fan it projekt omfiemje. Fan alle begruttingsposten moat útlein wêze hoe't se opboud binne. Soks kin yn de aparte taljochting. Grutte begruttingsposten moatte útsplitst wurde en as it mooglik is ûnderboud mei offertes en faktueren. Der is in basisformat foar in begrutting om dy op paad te helpen. It is net ferplichte om dat format te brûken.

Wannear moat ik de ferantwurdig yntsjinje?

In subsydzeûntfanger tsjinnet binnen trije moanne nei ôfrin fan it projekt in oanfraach ta fêststelling yn fia de mail. De oanfraach omfiemet in ynhâldlike ferantwurdig, sa nedich foarsjoen fan in ferklearring oangeande werklike kosten en opbringsten.